

Greet Andringa

Dien wurk

BESPREK FAN DE FIIF ROMANS FAN KOOS TIEMERSMA

Dit artikel giet oer de Frysktalige boeken fan The Artist Formerly Known As Koos Tiemersma. Dat binne: *De Ljedder*(2002), *De Mjitte* (2004), *It liet fan de ibis* (2006), *Mind Games* (geskink foar de Fryske Boekewiken yn 2007) en *Under Wetter* (2009). It *Mind Games*-projekt brûk ik as kaai nei it oare wurk en de wrâld fan de skriuwer. Dêrnei besprek ik de oare boeken, om te einigjen mei de reade trieden dy't ik fûn ha en de konklúzjes dy't ik dêr út lûk.

MIND GAMES

It liet

Tiemersma fertsjinnet syn brea as skoalmaster yn Kollumersweach en dêr wennet er ek. Neist skriuwer is er muzikant. *Mind Games*, is dan ek eins part fan in twalingprojekt. Mei it boek ferskynde de cd *Lutske laket* dy't Tiemersma makke mei muzikanten Johan Keus en Ernst Langhout. Beide wurken ferwize nei it album *Mind Games* fan John Lennon út 1973. It boek fan Tiemersma begjint mei in fragmint út Lennon syn titelsong, de ceedee befettet oersettings/bewurkingen fan Lennons ferskes.

Hjirûnder folgje de orizjinele tekst fan 'Mind Games' en de ferzy fan Koos Tiemersma.

Mind Games

John Lennon

We're playing those mind games together
Pushing the barriers planting seeds
Playing the mind guerrilla
Chanting the Mantra peace on earth
We all been playing those mind games forever
Some kinda druid dudes lifting the veil
Doing the mind guerrilla

Some call it magic the search for the grail
Love is the answer and you know that for sure
Love is a flower you got to let it grow

So keep on playing those mind games together
Faith in the future out of the now
You just can't beat on those mind guerrillas
Absolute elsewhere in the stones of your mind

Yeah we're playing those mind games together
Projecting our images in space and in time

Yes is the answer and you know that for sure
Yes is surrender you got to let it go

So keep on playing those mind games together
Doing the ritual dance in the sun
Millions of mind guerrillas
Putting their soul power to the karmic wheel
Keep on playing those mind games together
Raising the spirit of peace and love
(I want you to make love, not war
I know you've heard it before)

Mind Games

Koos Tiemersma

Kom wy spylje in Mind Game, tegearre
No gjin ekskuzen mear, dat ha wy hân
De muorre leit stikken'
De wei leit iepen, fredich en frij
't komt allegear troch ús Mind Games, moatst witte
Wy wachten al fierste lang, de tiid ferrûn
De klok wurdt let, moatst hearre
Kom no oerein myn freon, it teken is jûn

Leafde en frede, do witst dat it kin
In blom moat bloeie, no hasto, no hasto de kâns

Kom wy spylje in Mind Game, allegearre
Nee, no gjin grinzen mear, oan ús de macht
It is sa goed te witten
Nimmen keart ús noch op, dat stean wy net ta
Fertrou no mar op ús Mind Games, wy sette
Us idealen op, yn romte en tiid

Leafde en frede, dy mantra klinkt oeral
Siedzje in takomst, jou dyn wurd, jou my dyn wurd

Sjoch it binne ús Mind Games dy't winne
Guon ûnderskatte ús, gun se dy waan
De sinne skynt, wy dûnsje
De skaden rane fuort, it tsjil dat draait

Kom, foegje dy by ús Mind Games, kinst it fiele
In geast fan frede waait oer de wrâld

It is folslein gjin letterlike oersetting, dy fan Tiemersma. Jo moatte fansels wolris wat, as it doge moat mei it tal wurdliiden ensa, en dat hat grif ek spile by de frijwat stevige ferbouwing, mar der is mear oan de hân: it hiele karakter fan it liet is feroare.

By Lennon is der fan it begjin ôf oan in hanneljend, boartlik ‘wy’ dat dûnset en sjongt. Neffens Hylke Tromp yn *Hjir*¹ binne John Lennon en Yoko Ono, tegearre dy ‘wy’ yn harren ludike striid foar de leafde. Ik betwifelje dat. Krekt tidens de produksje fan dit album wie it út tusken harren². En ja, it is it gesicht fan Yoko dat de berch foarmet op de hoes, mar John keart hâr, dy grutte machtige frou, de rêch ta! Ik lêst it ‘we’ en it ‘together’ dan net as in eksklusyf ‘do en ik’, mar as ‘ik, minske’ en ‘do, minske’.

By Tiemersma is de muorre dalik al stikken en leit de wei iepen: mar wa hat dat dan dien? Yn alle gefallen net it ‘wy’ fan de fertellende ynstânsje en de lústerjende freon. Dy ferteller hat blykber al oan ‘e gong west mei syn Mind Games, mar blykber hat dy freon syn tiid wat ferskiten. Hy wurdt dan ek strang tasprutsen: ‘no gjin ekskusen mear!’, ‘dat ha we hân!’, ‘Kom oerein!’

It elemint fan magy, fan Keltyske mythology ferdwynt. Dat is ynruile foar in ‘teken’ dat jûn is. Troch wa? Hokker teken? De mantra’s en it karmysk rêd rêde it al. Mar ‘leafde as antwurd’ is perfoarst wat oars as leafde as kâns, in mooglikheid tusken oare mooglikheden. Wat as jo dy kâns ferskite? By Tiemersma giet it om de die út wilskrêft wei, by Lennon docht de leafde sels it wurk. Dy moatte jo fine en fersoargje, mar net lykas in kâns *gripe* en jo ta-eigenje.

En dan it appèl om wat te dwaan. Lennon stelt út om troch te gean mei ús boarterijkes fan de geast. Tiemersma freget wat oars: hy ropt op om ús Mind Games te spyljen, allegearre! Wa binne dy allegearre? Dat hat net mear dat yntime fan ‘together’ – it liket oer elkenien op de wrâld te gean. Bot boartlik is it ek net: it giet om winnen, om de macht. Syn spultsjes binne gjin metoade fan freedsume boargerlike ûngehoarsumens, mar in striidmiddel, in wapen. En it *liket* wol hiel tolerant om oaren harren waan te gunnen, mar dêrmei stelle jo josels wol in moai ein boppe dy oar. Lennon jout sa’n oardiel net. Dy oar slacht blykber, mar Lennon slacht net werom. Hy hat it oer guerilla’s, mar syn striidmiddel is krekt de *ûnstriid*: boartsje, dûnsje, frije...

Komme we by de oerjefte: Lennon noeget út ta loslitten, ta in ‘Ja’ tsjin Leafde en Frede: it jaan fan de siele oan it Karmysk Rêd. Hy freget ús om ús iepen te stellen, folstreame te litten, om de geast fan frede groeie te litten, as in blom. Wat seit Tiemersma dêrfan? ‘Siedzje in takomst, jou dyn wurd, jou my dyn wurd’. Oeps! Oerjefte oan de ferteller dus, ynstee fan oan it doel. Hy freget om in striidkammeraat, ien dy’t er mei ymperativen tasprekke kin – de generaal freget om

1

Hylke Tromp, ‘De skriuwer is in berch’, yn: *Hjir*, nû 1. 2007, ss.35-40.

2

http://en.wikipedia.org/wiki/Mind_Games

fuotfolk.

Datsoarte fan ferskillen uterje harren ek yn it fragmint dat Tiemersma as opdracht foar syn boek brûkt:

‘we're playing those mind games together
projecting our images in space and in time’

Dat wurdt:

‘Fertrou no mar op ús Mind Games, wy sette
ús idealen op, yn romte en tiid’

Dat *ús* liket it eksklusive ‘ús’ út de earste strofe, de oansprutsene heart dêr noch net by. Idealen wurde opset yn romte en tiid. Dat klinkt nei tekentafel, konkretisearjen: de idealen wurde yn beton en izer getten, fêstlein.

By Lennon bart dat krekt net: ‘projecting’ is gjin projektúntwikkeling, mar projektearje – it is ferbylding, it is keunst en dat is wat oars as idealen: dat binne tinkdingen, kognysjes, ratio. ‘kinst it fiele, / In geast fan frede waait oer de wrâld’, seit Tiemersma. Lennon hat it nearne oer fielen en dochs is de gefoelstemperatuer fan syn oerwaaiende geast krekt in pear graden waarmer as dy fan Tiemersma.

Sa, we kinne op ’en paad. Ris sjen wat it oare wurk fan Tiemersma opsmyt oangeadne de niis nei foarren kommen tema’s - macht, útsluting, lichem/geast, gefoel/tinken, psychologyske spultsjes/boarterijkes fan de geast, fjochtsje en frije, lânskip en relaasje mei oare teksten.

Fertelling fan in kaartehûs

Mind Games is foar it grutste part in sawat-dea-ûnderfining. Age Roda syn geast giet oan ’e kuier as er in nij hert krijt. Ron Ferry syn hertdonor hâldt him selskip yn de wrâld tusken beiden. Age neamt him in grapke fan de geast, in yllúzje - of dochs net (s.77). Ron is as bankmeiwurker pakt foar kreatyf boekhâlden en dêrom in moai skoft achter traaljes bedarre. Hy hat besocht himsels te koart te dwaan, mar dat slagge ek al net. De manlju bedarje yn in aventuer dat fan it sikehûs yn Boston, fia it gefang yn Massachusetts, mei in woeste autotocht troch Frankryk útrint op de beklimming fan de berch de Eiger. De Stimme bemuoit him der hieltyd mei en John Lennon hat ek noch in aardige byrol lykas Mary/ Marije, dy’t yn allerhande hoedanichheden hieltyd wer as figurant opdûkt: se is operaasje-assistent, ferkeapster yn de kiosk, resepsjoniste en úteinlik docht bliken dat se de buorfrou is.

Mind Games is de fertelling fan in kaartehûs. Dy stoarte gewoanwei yn. Ien fan de nijsgjirrichste fragen is fansels om hokker kaartehûs it hjir giet. It libben sels, de dream, it leauwe, de minslike geast, de wierheid of fan dat alles krekt it tsjinoerstelde? Pas op de lêste siden stoarte

der letterlik kaartehûzen yn: Age sjocht, as er John Lennon mei werom nimme wol nei de ierde tsjin it útdruklik ferbod fan de Stimme yn, achterom. De boaiem fan de himel skuort en: 'It leven bestillet, in frjemd sûzjen nimt it oer fan fan de stoarm, fan it brekken. Yn it fakuüm tûmelet er troch it riedsel fan syn geast. Bylden fan keamers, gongen, lege pleinen en ferlitten wegen fertiizje ta de grimelgrammel fan in kaartehûs, fûl ljochtsje alle kaarten noch ien kear op om dan út te rinnen yn in lint dat oer in monitor pulseart, in hert dat yn gong set wurdt.' (s.72) En: 'Hastich rjochtet er him op de post, besykjend de panyk op te kearen. De hân swevet even boppe de ynhâld fan de doaze, dan pakt er ta. Oerémis set er de bringst as in akkordeon op de skonken, de fingers roppe om yn de brieven en kaarten, hastich. En dan, hookstrooks. De beweging befriest, it risseljen fan omfallende keferten, it hert dat begjint te jeien, krekt of wol it de eigen slach ynhelje. Benaudens teknypt it boarst, it kaartehûs stoart yn, de post falt tusken de skonken troch. Yn de earen sûzet it, bylden kolkje troch syn tinken. In stim geit mei in rare echo dy't it hert trochsnijt, gongen ljochtsje op en fersinke.'(s.78)

Yn it earste gefal is it de wrâld dêr't er wie, bûten syn liif, dy't ynstoart. Dat falt gear mei it opstarten fan syn nij hert. Yn it twadde gefal is it de wiere wrâld dy't ynstoart, hookstrooks – mei in moaie assosjaasje mei it Ingelske 'stroke'. It nije hert hâldt der mei op, as Age útfynt dat in kaart dy't er himsels út de oare wrâld stjoerde, de grins nei de werklikheid oerstutsen is. Of is it oarsom en stekt Age sels de grins wer oer op dat momint, draait de film achterút? 'Mind Games for ever' stiet der suver gekoanstekkerich as antwurd ûnder.

Age wrakselet de hiele tiid mei de fraach wat de wiere wrâld is en wa't it dêr foar it sizzen hat. Hy is in ateïst, mar yn de geasteswrâld bestiet ynienen De Stimme dy't him yn alle gefallen as God *gedraacht*. Yn de gewoane wrâld is Age ek al net baas: earst moat er nei syn hert lústerje, omdat it siik is en de útfierberens fan syn dreamen dêrtroch knap ynperkt. Mei in nij hert is er noch net rêden: 'it [...] kloppet dat it in aard hat. Ferfelend, hy wurdt him ynienen bewust fan dy twingende slach achter de traaljes fan syn ribbekast. In oar syn hert, in oar dy't de regy oernaam. Fan wa wie it, oait? Wa hat sizzenskip oer syn litten en dwaan?' (s.78) By eintsjebeslút is it hert dus in dominanter stjoer as de geast en dan ha we it net allinnich oer it fysyk.

De tematyk fan it ynstoartend kaartehûs, spilet ek yn de foarm fan it ferhaal. Gewoanwei libbet de lêzer him yn de haadfiguer yn. Mar dêr wurdt dalik in spultsje mei spile: Age is om de sawat trije rigels ôfwikseljend, mei de regelmjittigens fan hertsleggen, 'ik' en 'hy'. Elk haadstik begjint mei 1 en de ôfbylding fan in Lennon-briltsje. Elk haadstik in nije start? In nije wierheid? Of binne it allegearre false starts, ferdûbelingen fan de werklikheid, sa't Age dy ek meimakket fan himsels en dy't úteinlik allegearre gekmeitsjend liede nei sel nûmer 111. Dêr't in selsmoard wachtet (dy't ek al mislearre is, oars). Ut dy lussen yn de tiid is allinnich mar wei te kommen troch yngripen fan dy Iene, de Stimme.

Dit Is In Oanwizing
En ik wurd achte soks te begripen?
Ik Praet Graach Yn Riedsels
Dêr bin ik dan moai klear mei
Né!
Wát née?
Dou Bist Noch Lang net Klear!
(s.18)

Wa sprekt hjir no eins? De Stimme is ûnmeilydsem, praat yn Haadletters en mei âldfrinzige stavering, hy is de ienige mei macht oer de lytse letterkes. Betiden sit er braaf yn it ferhaal en op oare stuiten stiicht er der boppe-út. Hy komt út de himel, dat it is blykber God sels. Mar it is ek de Auteur: Age wurdt letterlik de Haadpersoan fan Dit Boekewikegeskink neamd (s.26). Tiemersma as auteur fan it boek? God as auteur fan it libben? Dit yn-en-út ropt ferfrjemding op en soarget dat de lêzer eigen tiidlussen begjint te weevjen mei fragen oer de wierheid. Yn it boek, mar ek dêrbûten. Tiemersma hallet in Mind Game út mei syn lêzer. Dat docht er op mear plakken yn it lyts: yn in selde sin giet it oer de auto fan John Lennon, in Phantom en oer ‘spoeken sjen’; hy hat it oer ‘de toutsjes yn hannen hawwe’ by it berchbeklimmen. Dit letterlik-figuerlik-sputtsje, tilt de lêzer hieltyd mei in skokje nei in oare betsjuttingslaach en brekt op ‘e nij it yn- it -ferhaal-bliuwen: sa’t Tromp ek al skreau de illúzje fan it ferhaal as ‘wierheid’. Ek Mary mei har kluchterige dûbelrollen, de letterlike werhellings fan tekst op ferskillende plakken en de byldtaal binne sputtsjes.

Lânskip

De berch de Eiger is yn dit boek fansels it meast yn it each springende lânskipselemint.

Op de foarkant fan it boek is Tiemersma hiel eksplisyt sels de berch. De minsk as berch. Yn it boek sjogge we it omkearde, hat de berch minslike trekjes : ‘de Noardkant fan de Eiger is in yllúzjonist dy’t de argleaze klimmer hieltyd weroan foar it lapke hâldt’(s. 56) En: ‘Ek al hie ’k der earder west, likegoed rekke ik ûnder de yndruk fan de ûnferskilligens dêr’t de Eiger ús in spiegel mei foarhold. Folslein fertikaal en ûntagonklik stie de muorre foar ús’(s. 64.) Dat De Stimme en De Berch lykje slim oan inoar besibbe, binne eins twa uteringen fan itselde: stiennige, izige, glêde ûntagonklikens. Mar gelokich, we krije der in moaie gebrûksoanwizing by op s. 64: ‘Each yn each mei de berch klom ik aaikjend, de stien op it gemak stellend, by de muorre op...’

Kontekst en wa is de baas?

Om te sjen nei de fraach nei de macht en nei it plak fan oare mei-teksten as dy fan Lennon, zoome we yn op de rol fan de frou. Dy liket lyts. Se komt foar as geast fan froulike famyljeleden. As anonym kreas frommis op in hotelbêd en tsjinjend, fansels, as Mary/Marije-mei-de-hûndertrollen. Yn ien dêrfan warskôget se Age net nei de top ta te gean, omdat er oars net weromkomme

sil.

De Stimme seit dêr oer:

- ‘Hwat der ek bart, do meist net omsjen.
 - wêrom net?
 - De Frou Maria Wiisde my Op In Klassyk Forhael.
 - Ik sit al yn in ferhaal, dat is dûbelop
 - Myn Macht Kint Gjin Grinzen
 - O? Fan Lennon hearde ik oars dat...
 - JA, Stil mar’
- (s. 69)

It klassike ferhaal is wyls dúdlik genôch dat fan Orpheus en Euredice wurden. Mar hoe sit dat no mei Maria? Se wurdt ‘de frou’ neamd. Wurdt ‘dy frou’ bedoeld? Of is it dochs mear ‘de frou’, de echtgenoate? Dat lêste, te sjen oan it petear fan Age en De Stimme op it stuit dat Age trochkrijt dat er syn metafoaryske beklimming fan de berch ek ferprutst hat.

- ‘ - Dou Hiest it Gymnasium Ofmeitsje Moatten
 - Wy hiene wat ôfpmaat!
 - In Klassyk Forhael Foroarest net
 - Us ôfspraak!
 - De Frou Woe It Net Lije!
 - WÊROM NET!?
 - It Is Dy Jonge Fan Har.
 - WAT IS DÊRMEI!?
 - Hy Makke Biswier!
- (s. 71)

De izige oerhearsker blykt in ein minder hurd as er him foardwaan wol. God ûnder de tomme fan de frou en ‘dy jonge fan har’ klinkt ek net bot as hat er sels wat te krijen hân mei de oprjochting fan him, dy’t stipe troch syn mem, De Stimme de baas is. God is dus by eintsjebeslút krekt sa’n looser as Age dy’t koartsein fan de top fan de berch ôf, út de himel miteret en stjert. Age heart op’t lêst nearne mear by, mar fynt yn de dea wol in rêst, ‘sa myld en ljocht as er net earder meimakke’(s.79). It tinken is dan opholden. En sa’t it tinken úteinlik ûnderdocht foar it fielen, docht de man dat foar de frou. Yn dit ferhaal, alteast.

DE LJEDDER³

Tiemersma beskriuwt yn *De Ljedder* hoe’t Jacob Nauta weromsjocht op syn libben. Nauta syn

³

Bassearre op Greet Andringa, ‘Besideplakboartsjen’ (besprek fan De Ljedder), yn *Hjir*, nû. 3, 2003, ss. 16-22.

bernejierren op in pleats by Frentsjer wurde it meast wiidweidich beskreaun. Hy is njoggen as de oarloch begjint. Op in dei komt in Joadse ûnderdûker oankuierjen. De fragen dy't dy man by it jonkje -en letter de man- Jakob opropt, foarmje de rêchbonke fan it boek, al bliuwt dy foar in grut part ûnsichtber. Wa't Job wie, wêrom't er krekt by de Nauta's delstruts, wat syn relaasje wie ta de Dútse soldaat Wiebeltsje, bliuwt tsjuster.

Oer grutte tema's wurdt gâns minder ferteld as oer lytse. En dochs binne se der en weagje se swier yn it libben fan de haadpersoan. Sjoerd Bottema seit dêroer yn syn besprek yn *De Moanne*⁴ dat de achtergrûn oertjoegjender is as de haadline. Mar it koe ek wolris Tiemersma syn bedoeling west ha om it sa te fertellen. Al yn dit earste boek binne dingen net wat se lykje. Of se binne it al èn se binne it net. Alle lagen fan it ferhaal lykje gestaltwikselplaatsjes, Mind Games dus.

De âld wurdende Jakob besiket al antwurden te finen. Dêrby wol er in monumint foar de ûnbekende bekende oprjochtsje, op it âlde Joadske hôf dat ticht by harren âldpleats lei. Hy hie him dêr hiel wat fan foarsteld, hat dêr sels al oer skreaun, mar it hôf is it hôf net mear: skjien en fernijd hat it syn mystearje ferlern. Jacob syn die bringt net de ferlossing of iepenbiering dêr't er eins op rekkene hie.

Of dochs wol?

It boek hat sân haadstikken dy't brutsen wurde troch skeanprinte stikken. Dy beskriuwe de ôfdaling fan in ljedder; mei elk fan de sân stiennen fan it monumint, in triemme djipper it ferline yn. Part fan it haadferhaal of binne dit Jacob syn earder neamde breinreagen?

In ljedder is op himsels al in objekt mei mear betsjuttings. Dat is net oars as er keppele is oan de namme Jakob. As transportbân foar stront ferwiist er nei it boerebestean-sa't-dat-wie. As byld út de dream fan Jakob (Genesis 28:12) ûndermear nei de kabbalistyske filosofy dy't dat byld sjocht as kaart fan al it besteande. De ferburgen kennis fan it joadse folk, mei oare wurden: it ferwiist nei wat Job wol wit en de oaren (en grif Jakob) net.

It sykjen nei betsjutting yn de skeane tuskenstikken bliuwt in wat kille en kognityve eksersysje. It slagget net om in libjend byld te krijen fan de persoan Job of de folwoeksen Jacob. En dat blykt gjin wûnder. Der is wat stoarn mei it ferdwinen fan Job. 'Yn in pear moanne tiid wie ik it bernige kwyt, om it noait wer te finen. Ik socht yn hoeken en hernen yn myn ûnthâld, yn boeken oer oarloch, boeken oer frede. Ik pluze foto-albums nei, plakboeken mei sigarebantsjes, postsegels en sûkerpûdsjes. Ik besocht plakken, kuerde achter grouwe beammen, seach op it joadehôf, grêfstiennen woe ik ûntsiferje, mei triljende fingers fielde ik de letters, tiidbalken haw ik ôfrûn nei it begjin fan de dingen ta, minsken fragen steld, antwurden fan preuveljende lippen lêzen, yn ieuwenâlde eagen socht om in spoar. Ik seach op stasjons, ik kontrolearre

4

Sjoerd Bottema, 'Net it eigentlike ferhaal mar it dekôr êromhinne, Koos Tiemersma,' (besprek fan *De ljedder*), yn *De Moanne*, nû 1, 2003, side 59-61.

treinregelingen, blêde yn argiven, ik fotokopiearde, krûpte om op fermôge flierren, teante troch ferlitten keamers, mar hoe't ik ek socht, it bern wie net te finen, ferdwûn yn in grize damp.' (s. 6-7) Dat wat de muoite wurdich wie oan himsels, is Jacob kwytrekke yn it grutwurden. En dêrmei is *De ljedder* ek beskriuwing fan ûntwikkelingspsychology. Elke triemme in libbenskrisis wêryn't mearkes en mirakels mear en mear plak meitsje foar nuttichheid en skuldgefoel.

Der binne in soad dingen dêr't it jonkje Jacob te lyts foar is en krekt dat smyt in nijsgjirrich perspektyf op. It liket te gean om de bernewrâld, mar skriuwt Tiemersma net krekt sa om ús, grutte minsken, oars nei ús wrâld sjen te litten? Jo kinne der hast net omhinne dat der wat mist. Net allinnich by Jakob, hawwe net de measten fan ús it fermogen ferlern om harren te ferwûnderjen oer in geheim of in riedsel?

Yn dit bernejierreferhaal wurdt omraak ferstopertsjeboarte: iepenlik lykas yn it skilderij mei de trije- skiep-of-binne-it-geiten, dat in wichtige rol spilet yn de famyljegrapkes fan de Nauta's: dêr blykt in plaatsje fan in skip yn in stoarm ûnder te sitten. Ek mear ferburgen, as konkelfoezerijke mei de lêzer: Jacob syn hûn mei twa gesichten hyt Levi–Straus, nei de antropolooch dy't dwaande wie mei ûnbewuste struktueren yn taal, godstsjinst, sosjale ferhâldings ensfh. Tiemersma hat it oer 'de muorre dy't de deaden byinoar hold'. Oer de skelwurden dy't berne waarden út de mûle fan wâldpyk Sjoerd: 'De Nauta's stiene ferheard om de widze, beharken de nije poppen, lutsen oan 'e skouders en lieten it mar sa.' De petroaljestellen fan it merk Kroon Emaïlle steane yn de húshâlding bekend as de kroanjuwielen. It liket as giet de skriuwer om estetyske reden oan de haal mei in part fan syn byldspraak, mar by nochris sjen, fertelt just dy eksersysje dêr't it echt om giet: ferwûndering, boartlikens, it bern yn ús en yn de wrâld.

DE MJITTE

De mjitte spilet yn in arbeidersbuert yn alwer, Frjentsjer. De húshâlding dêr't it om giet, presintearret har nei de bûtenwrâld ta as folslein normaal en gelokkich. Mar bestiet, sa't de pater familias dat beskriuwt, út 'in heale, in gearre en in gek'. De heale, dat is Herre, Mette har styfheit, dy't mei oardel skonk weromkommen is út Nederlâns-Ynje. Hy liket in held mar sûpt himsels in slach yn 'e rûnte, fan syn plannen komt nea wat op 'e hispel en bot pedagogysk ferantwurde binne syn opfiedingsstrategieën ek net. De Gearre, dat is mem, dy't hieltyd mear en hieltyd bliner achter Wisse oanrint, de buertprofeet. De gek, dat is Boyen, Mette har twa jier jongere healbroerke, in bern mei in fierste rike fantasij. Grif neidat er as jonkje yn it kanaal mitere is en dêr mar krekt foardat er defintyf fersûpt útfiske wurdt. Mette, de haadfiguer, hat de bêste kaarten, is de normaalste en de sterkste, alteast dat wurdt tocht. Sels twifelet se dêroer en dat wurdt perfoarst net minder nei har ûntslach as se in jier of fjirtich is. It altyd mar fierder, hastich it ferline foarby drave, wurket net mear, se nimt harsels de mjitte. Se is 'dwaande de dingen op in rychje te setten, útelkoar te heljen, terrein werom te winnen, besykjend te begripen wat ik net begriep, de demontaasje en rekonstruksje fan in libben.' (s. 6-7)

Struktuer en styl

Lykas *De Ljedder* hat dit boek in strange opbou. It bestiet út njoggen haadstikken, ferteld troch Mette. Yn 'e midden fan elk haadstik steane yn kapitalen Herre syn dronkemansferhalen oer de Ynje-tiid: lûd en razerich, gjin werwurd mooglik, mar al publyk ferwachtsjend. Dêrneist is der noch kursive tekst. Alle haadstikken begjinne mei in pear Ingelstalige rigels, dêr't ik op weromkom. De ein fan elk haadstik is ek kursyf en sjocht werom op it *no* fan Mette. It is ûdúdlik wa't de ferteller dêrfan is. Oan de toan te sjen is it Jan Baal, de boekbinner/bokbinner en rêder fan Boyen. Hy is de iennige dy't oare minsken as oare minsken sjen kin. De oaren sjogge harren hieltyd yn funksje ta harsels steande en as yn prinsipe ynwikselbere figuren. Yn dy stikken wurdt Jan sels lykwols as 'hy' beskreaun, dat as er it al is, nimt er nuver ôfstân fan himsels.

De toan fan it boek hat op 'e nij dat wat ûnderkuolle en iroanyske. Krekt dat makket it ferskuorrende draaglik, mar lit it oan 'e oare kant troch it kontrast noch ris goed útkomme.

De bernetiid

Ek hjir is de bernetiid wichtich. As bern sette Mette en Boyen yn in dield bêd de fragetinte op. Under de feiligens fan in lekken fertelle se inoar ferhalen dêr't se betsjutting mei besykje te jaan oan wat se net begripe: de wrâld, harren libben. Benammen Boyen syn fantasij makket it 'In spultsje dat wy jierren folholden yn de fêste oertsjûging dat, al wie it mar buorterij, der earne yn it hielal harke waard nei twa bern dy't yn 'e Juliana op nûmer 9 foar it sliepengean antwurd sochten by de man dy't wenne achter har eigen bestean.' (s. 51) Mette is ek jaloersk op de muoiteleazens dêr't Boyen syn dreamen mei foar it ljocht lûkt en har dêr as fansels yn meinimt; letter kart se him krekt dêrop ôf.

Mette seit ek: 'Boyen syn wrâld begjint yn kleur en wurdt hoe langer hoe mear swartwyt.' (s. 72). Dat docht fansels tinken oan Jakob syn mei it âlder wurden fertoarkjende en ûntkleurjende wrâld.

Yntertekst

Boyen ferklapt it op in stuit: de rigels boppe de haadstikken komme út *Vertigo* (1958) fan Alfred Hitchcock. Se ûnderstreekje de gekte yn it ferhaal.. *20 000 mijlen onder zee* van Jules Verne hat ek in fernaam plak. Mette fertoant parallellen mei kaptein Nemo en Boyen mei de dûker Nikolas. Ach, en fansels is Roy Orbison der mei *Only the lonely* (1960).

Mind Games

Typearjend foar it omgean mei it leauwe binne sitaten as it neikommende: 'Alle kearen as beppe Sjoek út Boalsert oerkaam foar de jierlikse ynspeksje, ferskynde Jezus yn it haltsje achter de foardoar tusken de kapstôk en de ferware spegel. De wichtichste Bibelman naam dêr it lijen fan

beppe har kommen foar syn rekken en dat wie him oan te sjen.’ (s. 31)

Tiemersma soe Tiemersma net wêze sûnder soksoarte spultsjes en boarterijkes. Dat docht er ek mei de nammen, mear noch as yn *Mind Games*. Mette is doetiid fan mjitte; Boy-en is de helte fan in twaling, de oare helte hat de namme Namme. De alwittende godstsjinstfanaat hyt Wisse. Jan Baal is ateïst en ek noch *bokbiner*, duvelske assosjaasjes genôch.

It letterlik/figuerlik dûkt ek wer op. Op s. 9 is ‘de wâl [...]steil, op it gerifformearde ôf’. Of dit pronkje, oer strjittegenoaten Jan en syn frou Gepke: ‘Beide wiene sa grut as in hjerstkeal, mei dit ferskil: Jan wie in man en Gepke grutter.’ (s. 47)

De frou en it/de Oare

De frou is hjir sûnder reserve haadfiguer. It duorret in skoftke foar’t Mette in écht frommis wurde wol, mar dat leit wierskynlik foaral oan it type dat se is: sarkastysk en leafst jonge ûnder de jonges. Krekt har frou wurden en wêzen ferwideret har fan har broerke. Sy lit gewurde en jout sels opdracht ta de fernedering fan him, sy stelt de kaaikes fan de auto dêr’t it sa aaklik mei misbetart.

It Oare, dat of dyjinge dy’t útsluten wurdt, fynt yn *De mjitte* syn beslach yn de foarm fan gekte, ferslaving en hendikep. Al is dat hjir minder ûnbesmet as it Joad-wêzen en it bern-wêzen yn *De ljedder*.

Mjitkunde

Op s.163 giet it oer ‘de Mjitte fan ús delgong: dy blykt 58,4 by 42 sintimeter, de maten fan it rútsje fan de achterdoar’. As Herre it foar de safolste kear ynsmyt, rint it oars as oars. Mette nimt harsels de mjitte earder mei weachskalen as mei in sintimeter: se sjocht ‘in famke mei in wite en in swarte kant’ (s. 207). ‘In balâns hat twa kanten en der moat lykwicht komme...’ (s. 260), seit se.

‘Twa’ is yn dit boek it sintrale getal. It wurdt net eksplisyt as *sifer* brûkt, mar it giet wol hieltyd om twatallen dy’t tagelyk tsjinstelden binne. Mette en Boyen; de taastbere twadde heit en de ûnbekende earste heit. Mette har kar tusken etterbak Paulus en de yngoeide Boyen.

Uteinlik blike dizze twadielings net allinnich *tusken* minsken en dingen te bestean, mar ek yn harren. As symboal hjirfoar kinne Boyen en syn al-as-net ynbylde twalingbroer sjoen wurde, dy’t berne wurdt ûnder Boyens potsje fersûpen: Boyen is de boppe wetter en Namme de ûnder wetter ferzje. De buert hat itselde as de húshâlding: in glêdbjinde bûtenkant en in fermôge binnenwurk. Herre syn boartersguodwinkel is ek seksjop. Boyen liket sêftmoedich mar blykt by steat ta uterst koelbloedige aksjes. Mem hat twa gesichten. Mette hat har swarte en wite kant. De iennige dy’t oars net is as himsels, is Jan Baal, de boekbiner. Hy is ek de iennige by wa’t Mette har thúsfielt.

Seks en geweld rinne trochinoar. As Mette mei Paulus frijt, wurdt it fjochtsjen. Bedoeld

geweld is ferbûn mei lust. It smoart fan soksoarte ambivalinsjes: leafde slacht om yn hate en jaloerskens, hoop yn wanhoop en omkeard. Al dy twa-ichheid, al dat ôfskiedene jout in enoarm iensum gefoel en it liket derop dat Mette úteinlik in útwei siket út: ‘...sa’t we it altyd diene: wy holden ús yn, lieten ús net yn ’e kaart sjen en keazen as it derop oan kaam foar ússels’(s. 262) Op de allerlêste side lit se har ál yn ’e kaart sjen. Se jout har broer in klap as harren deminte mem syn namme noch wol wit en harres net mear, wylst *sy* dochts harsels altyd fuortsifere hat om mem te helpen (s. 11). Se uteret foar it earst direkt en net fia de bân har agresje nei him. Lulkens en fertriet oer him altyd beskermje moatten ha, nea sels sjoen wurde, sels net yn it geweld fan Herre dat wie foar mem en foar Boyen, net foar har. Mette hat har altyd ûnder de mjitte field. Troch dy klap wurdt se foar it earst echt sjoen. Boyen tutet har op ’e foarholle en lûkt har oerein. ‘Kom we moeten gaan’, seit er. Einlings, einlings binne se wer in ‘we’.

IT LIET FAN DE IBIS

It liet fan de ibis spilet yn in pear wiken yn 1998, mei flashbacks nei ferlines yn Frensjer en yn Nigeria. Der binne 16 haadstikken. Guon hite nei it nûmer fan it haadstik, oaren ha in selsstannige titel (‘Shell helpt’, ‘In nij begjin’ en ‘Neat past’ bygelyks), dy’t faak te krijen hat mei de tuskensmytsels dy’t beskriuwings binne fan keunstwurken fan Obi Okere, de Nigeriaanske haadpersoan. Tiemersma boartet mei de gronology. It boek einiget dêr’t it begjint: by Mat Festen, de Fryske haadpersoan, krekt foar’t er it deade famke Eva fynt. Yn prolooch en epilooch, is de fertellende ynstânsje, in abiku (Yoruba wurd foar: geastebern/bernegeast- in bern dat eins net libje wol).. Yn de oare haadstikken dûkt se allinnich op as observator en as part fan in repetearjende dream. ‘It liet fan de Ibis’ is eins it mearminneliet fan dizze abiku, dy’t yn it stal fan in swarte ibis fanút Nigeria nei Fryslân flein is.

Mind Games

It foarnaamste dekôr, de werf fan Wedeker soe bêst wat te krijen ha kinne mei ‘wederkeer’. Mat Festen assosearje ik mei oer it mad komme, moatte en mei *Festen*- de film, grif net tafallich ek út 1998⁵, oer it oe sa pynlike famyljefeest.

De haadstikken ha gjin ienheid fan styl: kranteartikels, ynterviews, byldtaal lykas in krantesnipper, de fûgels by pro- en epilooch, de lege side dy’t de stilte fan de stille tocht oanjout, se fertelle allegearre mei. It fertelperspektyf is ek in puzzeltsje. Sels as Eva har fersûpen yn it hjir en no te ferklearjen is mei in minsklike oarsaak en gjin mistearje mear noadich hat, bliuwt de abiku oan ’t wurd. Of is it eins Festen, dy’t hieltyd op ’e siik is nei it ferhaal achter it ferhaal (s. 174)?

Yntertekstualiteit

5

Thomas Vinterberg, *Festen* (1998),

De meast ferneamde abiku-protagonist is Azaro, út it Booker Prize winnende *The Famished Road* (1991) fan Ben Okri⁶. Let op de klankassosjaasje mei Okere. Dat ferhaal spilet om 1960 hinne. *It Liet fan de ibis* is der in ferfolch op. De wize wêrop't Tiemersma de geastewrâld en de gewoane wrâld neistinoar, mar betiden ek trochinoar rinne lit, kin hiel goed troch it boek fan Okri ynspirearre wêze. Ek dêryn stiet de brutsen ôfspraak tusken in bern dat foarbestimd is om abiku te bliuwen en syn geastemaatsje(s) sintraal.

It Liet fan de ibis begjint mei in gedicht van de ophongen Nigeriaanse frijheidsstrider en dichter Ken Saro-Wiwa.

Voices

They speak of taxes
Of oil and power

They speak of honour
And pride of tribe

They speak of war
Of bows and arrows

They speak of tanks
And putrid human flesh

I sing my love
For Marie

It is in gearfetting fan it boek, dat giet oer it fiere Nigeria en it tichtbije stedsje yn Fryslân, mei planetarium, dat krekt as yn *De Ijdder* en *De mjitte* net by namme neamd wurdt. Mat is in selskeazen balling, dy't altyd besocht hat syn ferline yn Fryslân achter him te litten, mar troch de dea fan syn heit ynienen wer werom is en wat fertsjinnet as VVV-man en sjoernalist foar de lokale krante.

Obi komt út in troch de Westerse wrâld en eigen korrupte bazen útsûge lân. Hy is útnoege troch in âldminaresse, om syn protestkeunst hjir sjen te litten. Hy belânet troch syn belutsenens by in famke mei Downsyndroom yn in wespenêst fan yntriges oer djoer lân, ksenofoby, gemeentepolityk, manipulearjende media en sinfol geweld. Yn Fryslân en yn Nigeria giet it om striid en eigenbelang: it sjocht der oars út, mar is it yn de kearn net oaral itselde? Mei sokke fragen sitte de haadfigueren ek oantangele. By in keunstwurk yn oanbou, in stel buizen en wat

6

Oerset yn it Nederlânsk as *De hongerende weg*

slangen, hawwe se it bygelyks oer it libben. ‘Is dat ek noch wat freget er [Mat]. Okere lûkt oan de skouders: “‘Miskien.’ ‘Ast in titel hast.’ ‘Ik tocht oan *Nothing fits*...’ ‘Moat it yn’e katalogus?’ ‘Nee.’” Festen freget der net op troch, snapt sa wol wat de keunstner bedoelt. ‘It is wier, by einsluten passe de dingen dy’t de minske by de ein hat, mar min. It is in gaoatysk bousel, mear net’ (s. 226). En soks moat mar net yn de katalogus. We witte allegearre dat it sa is, mar besykje ússels oerrein te hâlden mei konstruksjes, lykas grutte ferhalen oer it leauwe en oer dat wyt better is as swart of oarsom.

Twalingwrâlden, ferbrutsen ferbining en geweld

Yn *It Liet fan de ibis* spilet de twalingtematyk ek: Obi en de abiku hearre byinoar; Anne (de keunsthanneler) en har broer Reid; Mat en Obi, Nigeria en Fryslân.

Ferbining tusken minsken wurdt yn dit boek knap yn it paad sitten troch misbrûk en troch eangst. Obi hat it gefoel vacuumferpakt te wêzen (s.155); it Westen libbet neffens him ‘ûnder in glêzen stolp mei útsjoch nei alle kanten, in útsjoch sûnder de stank en pine dy’t hý fielde, dat men kaam net fierder as der even nei te sjen, oan de skouders te lûken en fierder te zappen nei in oangenamer programma’. (s.123).⁷ Festen seit faker as ien kear gjin binning mear te fielen, mar wat moat er oars mei in libben en in ferhaal dat klear liket, as in nije konstruksje meitsje dy’t dat libben draagt/draaglik makket?

Ek al binne jo fan goeie wil, dan noch slagget it net om de oare net te dehumanisearjen. Mat ferliest syn sympaty foar Obi as dy te krijen blykt te hawwen mei Anne har siikwêzen; oarsom bart itselde as Obi beseft dat Mat him allinnich mar in moai kranteûnderwerp fynt.

Op de ien of oare wize skokt it geweld my yn dit boek minder as yn *De mjitte*. It is foarsisberder, mear yntegrearre, past miskien mear by in misdieroman, dêr’t dit boek oan tinken docht. Of ik bin wyls wend oan de styl fan Tiemersma. In oar soarte geweld is pynliker as it slaan fan bromnoazems en in misdiedich regear. Obi is skuldich oan geweld wylst er dat eins net wol: yn de besmetting fan Anne, de dea fan Eva.

De frou en de leafde

Eh.. en hoe sit it dan mei it ‘*I sing my love For Maria*’? Oars as yn *Mind Games* ha we hjir gjin letterlike Maria yn it spul. Se ûntbrekt sels yn ’e tsjerke. De Mariabylden dy’t dêr ta treast hearre te stean, binne nammentlik opnommen yn de keunstsamling fan de boargemaster en syn frou. It skip dêr’t Obi tahâldt hyt Johanna Maria. It jout skûl, mar is fierder fan kâld stiel. Swarte Maria’s

7

Dit soarte fan gefoelens fan of sels net echt wêze of de wrâld as ûnecht beskôgje binne symptoamen fan grutte eangst en wurde yn de DSM-IV, it ferneamde hânboek foar psychiaters, psychologen en ek (ferslavings) dokters, beneamt as ‘depersonalisatie’ en ‘derealisatie’.

binne der ek noch, mar dat binne weinen dy't frijheidsstriders ôffiere nei de martelkeamers fan it Nigeriaanske regear. Wat leaf hân wurde kin, ûntbrekt: dat merkt de fertellende abiku mei har ferskuorrende langstme nei Obi, dat merke Mat en Obi sels – harren yllúzjes oer Anne, de keunsthanneler, rinne op 'e non, want se is net allinnich siik mar ek noch lesbysk.

De frijheid fan it westen en it te plak bringen fan in ûnrêstich ferline, blike yllúzjes. Obi hat syn keunst, mar dy ferliest sa fier fan hûs alle bestjutting - allinnich de rituelen bliuwe oer, sa't Mat Festen se yn de katalogusteksten beskriuwt. It binne, hast de soera's fan de Koran: 'En Obi Okera die in skelk om, bediek it gesicht en die de kraach omheech. Hoeden rôle er de flessewein nei de wurkbank, lûd fan metaal op beton. Sekuer stelde er de druk yn, kontrolearre de meters en stiek de flam oan.' En in den beginne was er... Bismilla hirrahmani rrahimi... Obi ferliest syn dreamen. En sels Eva rekket er ek kwyt.

Mat Festen syn leafde foar de wierheid lit him net yn 'e steek, mar dat smyt neat op, yn alle gefallen gjin leafde of oare foarmen fan enerzjy dy't him oan it libben bine en/of rjochting jouwe: 'Hy fielt gjin freugde, gjin oerwinning, Hy soe no grutte gedachten tinke moatte, in gedachte dy't alles omfiemet, mar der wol him neat yn it sin komme. Miskien mar better ek. Sa bysûnder is it allegearre net wat er die. Oaren foelen, hy foel mei, allinnich krekt even stadiger. Is dat dan syn fertsjinst? Hoe fierder? Is der wol in fierder, in heger, in moaier? It gefoel dat er klear is, boazet oan as kâlde wyn.'(s. 238)

Goed, de manlju komme der net allegearre like goed foarwei, der binne hiele ferkearden by lykas Reid, de broer fan Anne, kapper Guigelheil, boer Jan Kupers ensfh., mar Obi, Mat en Wilhelmus Lein, preparateur en heit fan Eva, roppe wol waarmte en sympaty op. Se binne skeind, mar folweardich minske. Obi syn onbedoeld geweld rekket en is te ferjaan. De froulju bliuwe fan karton en der is ek net in soad mei harren mei te fielen. Eva is in sechtjinjierrich famke mei Downsyndroom. In bern, mei alle ûnskuldigens mar ek gebrek oan oersjoch dat dêrby heard. Krekt as dy oare Eva ferliest se it paradys en yn har gefal ek it libben troch oertreding fan it gebod fan de heit. Beppe Blom is sympatyk, mar gek. Mem Fertriet is ferpletterjend yn har beskermtwang. Anne en ek de frou fan Boargmaster Regnerus binne ûnbetroubere, útsûgjende kringen, de Shell gelyk. Anne har leafde foar Afrika is by einsluten oars net as in wize om har heit te narjen en har oer it hynder tilde libben spannend te meitsjen. Lykas har lesbysk wêzen (s. 93).

Wetter en brea: back to basic/basis

En de Abiku dan? Yn de dreamen fan Obi ferskynt se sa: 'Krekt as ik my nei foarren bûch, sjoch ik hoe't der achter myn trekken it gesicht fan in famke skimeret. Ik fielt de kjeld fan har sykheljen yn 'e nekke, se is oeral om my hinne, se stoarret my oan, mar seit gjin wurd. Dan wreidet har gesicht dat fan my oer, ik bin oergien yn in oar, wit net mear wa't ik bin. Ferwezen besykje ik mei myn blik troch har eagen hinne te boarjen, mar myn ferbylding is machteleas. Ik raas, mar ik kin har lippen net fan elkoar wrikke, ik gûl mar de trienne droegje út foar't se fuortkomme kinne. Der

rize hannen op út it wetter, se besingelje de boat wyls it bern my betsjont' (s. 92) Yn it wetter loert de dûbelgonger, de dea, de twalingsuster, de fantasij, de dream. It gefaar. Dat op de ien of oare wize ek lûkt: wat docht Obi oars op in werf, op in skip. Sels sjocht ús abiku it sa: 'Ienris Obi, sille wy elkoar moetsje en dan silst my werklik sjen: myn stal, grutsk en ûnoantaastber, bin ik net in frou? Op my driuwt in hiel kontinint. Ik bewurkje de ikkers, bring de risping nei de merk, helje wetter, bou op wat oaren ôfbrekke. Myn gesicht is it lânskip fan Afrika, heimsinnich. It benimt dy de siken, sûget it ljocht op. Myn eachopslach is nei binnen ta keard, nei wat ik bin, in geastbern. Want dêr sykje ik dy en dêrmei mysels, tusken iroko en kuasarbeam, op it skerp tusken ljocht en tsjuster, yn it strewelleguod fan it wâld dêr't wy tahâlde.' (s. 254). 'Obi, sjoch nei de loft, alle dagen wer. Sjoch nei de fûgels dy't dêr fleane, ûnberikber. Yn ien fan dy flechten sil ik meifleane, dy it paad wize, it paad werom' (s. 255) Der is hope, foar de minsken dy't noch earne yn leauwe, foar de minsken dy't harren omkeare yn harrren flecht fuort fan de woartels. Fuortdrave helpt net: sjong de leafde foar Maria, foar datjinge dêr't jo it meast benaud foar binne, yt de bôle dy't sy foar dy makket. Dûk it wetter yn, wurdt in grutkeardel en nim dyn plak yn as har partner, en net langer as in hoarich of krekt in opstannich bern (dy fersûpe nammentlik). Dat is gjin maklik paad, mar grif better as in ôfsnien libben yn in fakuümferpakking.

UNDER WETTER

'jonges ik ha myn plicht dien foar it Heitelân oer siz mar'. *Under wetter* begjint mei wurden fan Hessel Miedema. Miedema wie keunsthystoarikus en Frysk skriuwer-dichter, hy skreau foar quatrebras, in út Amsterdam wei oanstjoerd Frysk literêr tydskrift. It waard allegearre net bot wurdearre en lêzen en dat resultearre yn in ôfskiedgedicht fan Miedema.⁸

Ik bin ek altyd sa'n niverre kloat
Forsiere mar wer yn ús eigen tael
(och och it wurdboek ha 'k der altyd bij)

Jonges ik wurkje hjir oan myn dissertaesje
Jonges ik skriuw net mear (wer)
Jonges ik dichtsje net mear foar jimme
Ik bigryp wol dat dat biroerd is (foar jimme)
mar ik ha wol hwat oars to dwaen
Jonges ik ha myn plicht dien foar it Heitelân oer siz mar

Ook Friesland had haar modernistische bewegingen

En dit is dan meteen het laatste woord
Fries dat ik heb geschreven ook.

8

Sjoch http://www.dbnl.org/tekst/mied006opel01_01/mied006opel01_01_0028.php

(april 1964)

Miedema ferdwûn dêrnei ûnder wetter, fûleindich oan 'e slach mei syn dissertaasje oer Karel van Mander.

It gedicht is wer in lêswizer foar it boek. It motto giet oer Sil, in studint dy't de stúdzje net ôfmakket, mar wol lid is fan de FRL, in út 4 persoanen bestaand literair ploechje dat, eins mear oan inoar bûn is troch it iennige froulik lid, as troch de leafde foar de literatuer. Dat allegear yn in Fryslân dat yn 2065 ûnder wetter set wurde sil, om foar te kommen dat de stigende seespegel noch gruttere rampen teweechbringe sil. Mar ek fanwege eb- en floedsintrales en sâltwinning. Fryslân is ferkwânsele oan Brussel en machtssintrum Sjina. Troch mannen as Folkert Wigge.

Fryslân, Froulju en Frijheid

De FRL wurdt fan in freedsum ploechje dichters grimmitiger as de stêd earst folstreamt mei Poalske soldaten en dan yn 'e rin fan tiid folslein leechrint. De trije manlju berame in oanslach op Folkert Wigge, dêr't ûndudlik fan bliuwt oft dy no slagget of net. Yn alle gefallen hat it net it effekt dat se beëagje, mar betsjut it wol de ein fan harren freonskip. As it derop oankomt hat Sil folle mear oan Bouwe, in sjofele opkeaper, as oan syn moaipratende teoretyske maten. Ynke, de earder neamde frou yn it spul, is der fansels ek noch. De relaasje tusken Sil en har liket sterk op dy tusken Sil en de kat Tsjep. Kat en frommis geane harren eigen gong, sy bepale wannear't se by Sil binne of ferdwine.

Sil feroaret stadichoan fan in meirinner yn in man dy't syn eigen paad kiest yn de treasteleaze feroarjende wrâld fan ûntlústerjende opfangkampen foar deportearje Friezen yn ôfwachting fan in fierdere diaspora. Mei dit sels kiezen lústeret er ek nei Wende, de dûmny yn waans hús er lang wennet. Froulju leare him frijheid, manlju lulle allinnich mar en heakje ôf as it der op oankomt.

Mentaliteit en boadskip

It boek is skreaun yn de ik-foarm, as deiboek fan 2 oktober oant 1 jannewaris. It hat in neiwurd fan de ik en in foarwurd fan in Litausk professor, yn it Litausk en it Frysk, datearre nei it ferstjerren fan Sil. Dêr stiet yn dat de útjefte rjocht dwaan wol oan in wichtige episoade yn de skiednis, mar ek bydrage wol oan begryp tusken ferskillende befolkingsgroepen (s. 7).

Tema is krekt as yn de oare boeken it Fryske (of dochs universeel minsklike) aard fan gjin feantwurdlikheid nimme foar eigen deden, de mentaliteit fan leaver slaaf as dea. Ljouwert is symboal. Dat hat: '... stomprinnende wegen en spoaren en minsken en te min selsbetrouwen, it lytsachtsjen fan wat ús eigen is, in einstasjon foar elkenien dy't de kapasiteiten miste fierder omheech te fallen....' (s. 107). Sil seit ek: 'God hat earst de trystens skepen en doe in folkje

útsocht dat der moai bypaste.’ (s.145)

Sil sels

By Sil sjogge wy krekt as by Mette de seksuele en gewelddiedige driften trochinoar rinnen: ‘Ik fûn mysels werom bûten it gebou op de kampus, seach it read dat tusken de fingers fan myn rjochterhân troch sipere, in delta fan likkens en wat fiede dat goed, ik woe dat de streamkes útwaakse soene ta bloedbanen, ik woe brûze en spiele, fleane en falle, my meisûge litte yn in orgasme fan geweld, fier by mysels wei...’ (s. 56) Fier by himsels wei, mar hokker sels bedoelt er? Sil is krekt as de oare haadfigueren in loner. Hy fielt him geregeldwei frjemd, dat wol sizze ferfrjemde fan himsels, de oaren en de wrâld. Dochs is dat tinkende sels, dat ôfsniene en oer himsels twifeljende, blykber eigen. ‘Is dat wat my fan belang makket?’ freget er him ôf, ‘ Dat ik fêstlis, it publyk bin by de foarstelling dy’t it lot ús foarset?’ (s. 89). It hat gjin doel: ‘Wy binne hjir in hoart, spane om en wurde wei, dat is alles.’ (s. 181). ‘Glorieus, dât woene we wêze, helden dy’t bliuwe soene, al stie it wetter ús oan de lippen, mar wat bleau der in bytsje fan oer. Kjeld, wurgens en desyllúzje, mear fiede ik net.’ (s. 181) Stadich fynt er út dat syn wiere doel earne oars leit. Hiel subtyl beskriuwt er ‘Soms hast dat, dan soest tegearre wêze wolle om mei-inoar oer te lizzen, de kearn te beneammen en sa de fêstichheid te finen dy’t ûngrypber foar dy leit’(s. 169) Uteinlik begrypt er dat er thús, de frijheid, miskien meinimme kin yn himsels en yn oprjocht kontakt, wêryn’t de oare as oare bestean mei. Soks stjert yn in keunstmjittige en besitterige (re)konstruksje as de FRL-om utens, dêr’t syn maten op ôf wolle.

Mind Games

Mind Games sitte dizze kear net in soad yn foarm of ynhâld, útsein dat de fantasij fan de lêzer oprutsen wurdt nei in Ljouwert fan de takomst. De De kâlde ûnwennigens skimeret der foar my foargoed trochhinne. Dat der wat mei de nammen is, leit betiden iepen en bleat: Sil koe better Soe hite (s. 31). Wende, Wester, Doete, Rea, Bouwe, Ynke, Wigge: it hat allegearre wat tiidwurdachtichs dat by harren karakter oanslút. ‘Sy wie de Ynke, ik de Sil’ (s. 98): in moaiere beskriuwing fan it technysk hanneljen fan seks is mar kwealik tinkber. By it iepengean fan de sluzen yn Harns sit ’in Imam op in dakkapel’, in helikopter is ‘ree foar de himelfeart’.

Yn it ferkwanseljen fan Fryslân en wat dat him om Harns hinne ôfspilet, hearre we Tiemersma syn miening oer sâltwinning en jiskefabriken fan no. Itselde jildt foar de opfangkampen en de AZC’s. De grutste Mind Game is lykwols dat net allinnich Sil him feroepket en net mear as FRL fierder wol, mar dat Koos foar wat oars kiest.

DIEN WURK

Wat kinne wy nei dizze fiif prachtboeken no sizze oer de lânkaart fan Tiemersma syn wrâld?

De tiidline

De tiidline rint kreas fan ferline nei takomst en wat bliuwt der nei de takomst no noch oer om oer te skriuwen?

Lânskip

It lânskip Is ek ynformaasjedrager. De earste trije boeken spylje yn Frentsjer of omkriten, Froom Akker - Tiemersma syn pseudonum - = Frjentjser. De man hat wat mei syn bertegrûn. Dochs hiene de ferhalen ek yn oare lytse stedsjes spylje kinnen. Krekt sa't Ljouwert wat seit oar de mentaliteit fan de Friezen seit dy wer wat oer de mentaliteit fan minsken-yn-it-algemien.

Tiemersma hat in foarleafde foar rotsoairike dekôrs: de pleats, de stêd, de werf, de finzenis, in leechrûn Fryslân – it is allegearre krekt sa'n binde as it libben sels.

De teksten fan oaren

Der wurdt in ferskaat oan oare teksten brûkt: ferskes, films, Kaballa, Afrikaanse mythology, Nigeriaanske protestdichten, slim teloarsteld Frysk en takomstich Litausk. In dúdlike line sit der net yn, oars as dat dizze boarnen Tiemersma reitsje. It binne rêchbonken foar syn wurk: ynhâldlik, mar se helpe ek mei it 'opsetten fan syn idealen yn romte en tiid'. De iennige konstante is it Nije Testamint. Der wurdt net bot sitarre, mar it is wol in bekend ferûnderstelde boaiem. Meastentiids beslacht Tiemersma de gek mei it leauwe. Mar nearne seit er planút dat leauwe ûnsin is, of de bibel in leagen. It binne foaral de uterlikheden, de lytsboargerlike ynterpretaasjes dy't it belije moatte.

Tiemersma syn haadfigueren binne faak skriuwers. Ien doel fan al dy skriuwerij is rekonstruksje fan it eigen libben, om begryp en doel te finen yn it wiffe bousel fan feiten, situaasjes, tinzen en fielingen. Op oare doelen kom ik dalik noch.

Wa hat it foar it sizzen en wa heart der net by?

De Joad, de frou, de gek, de kwezel, it bern, de mongool, de neger, de miskende Fryske dichter: stadichoan komt de útskiten frjemdling hieltyd tichter by ús/de skriuwer sels. Mar it liket der op dat wa't der net by heart, úteinlik oan it langste ein lûkt. Hy hat kennis, wiisheid of in foarm fan autonomy, dy't de konformist sa net hat. Loosers oan de macht!

Mar dat giet net fansels. Oeral is de pine fan iensumens, ôfsnien wêzen, gjin grûn hawwen. Sûnder gefoel, yn it krekt dwaan as de oaren, bliuwt it libben feilich op ôfstân, mar tagelyk is dat ek de ein fan alles. Jin blyn yn gefoel stoarte, bringt jin ek nearne. Geweld is omkearde ûnmacht. Seks is as it al beskreaun wurdt, mar kwalik in utering fan leafde (útsein by Sil en Ynk, miskien). De wei nei it eigene giet hieltyd wer fia it wetter. Wetter ferbynt jo mei de eigen woartels, mei jo ferlerne twalinghelte, mei dat oare sels.

Froulju, wetter en emoasjes binne by Tiemersma in trije-ienheid mei as biedwurden: ferlokjend, ûnûntkomber, dea-eng (want as men der oan tajout, moat men 'dus' jins tinken opjaan). It liket derop, mar no wurdt it iis fansels frij glêd, dat Tiemersma sels noch drok oan it

wrakseljien is mei dizze puzzel fan fielen tsjinoer ferstân. Is er in skoalmaster dy't de nije generaasjes, neist kennis, noarmen en wearden bybringe moat? Of is er dochs mear de keunstner? Hy is allebeide, mar hat er dêr yn de djipste djipten ek frede mei? Der net by hearre jout frijheid en earmslach, mar it kostet ek sa'n soad. Ien fan beiden moat dochs winne? Of hat er ús no wer te fiter?

Mind Games

Tiemersma is him yn it skriuwen altyd bewust fan de lêzer. *Mind Games* lit dat yn it ekstreme sjen, mar yn de oare boeken binne der likegoed spultsjes dy't de lêzer út it ferhaal skoppe en sa bewust meitsje fan wat se dogge: in ferhaal lêze. Tiemersma nimt ús sa hieltyd mei yn syn ûndersyk fan wat sa'n utering yn taal eins betsjut. Men kin de 'wierheid' oer jinsels sa presentearje dat in oar allinnich mar sjocht wat men wol dat er sjocht. Wurden helje de wale fan it iene ôf, om it oare derûnder te ferstopjen. Oan de oare kant is 'de wierheid' dy't in ferhaal oerbringt altyd in gearwurkjen fan wat de tekst oanbiedt en wat de lêzer der fan makket. Myn konklúzje hjir en no is, dat it skriuwen en it lêzen by Tiemersma in metoade is om te begripen en gryp te krijen (analyze), mar likegoed in nâlestring is mei it libben, mei jins woartels, mei jins wiere sels, in wize fan ûnder-wetter-gean-synthese).

Grif yn it lêste boek spylje der fragen oer de betsjutting fan boeken en taal op himsels. Sil jout oan, hy hat '... neitocht oer de fraach wat mei in taal bart as gjinien de wurden noch yn 'e mûle nimt, as de boeken stjerre. Bliuwt noch wat oer fan de klank, de gedachten? Keatse dy, lang nei't se weiwaarden noch troch it hielal lykas it skynsel fan de stjerren dy't der al lang net mear binne en dy't we dochs noch sjogge?' (UWs.53) Hy antwurdet himsels: '... tinkend oan wat wie, oan ús heiten en memmen, pakes en beppes, gewoane minsken dy't libben, leafhiene, dy't fette klaai wûnen op 'e see en bewurken fan moarns ier oant jûns let, generaasjes dy't ús foargiene, fêstbakt oan in machteleazens dy't ús as in kometesturt oan 'e kont hinget, wy dy't rize en falle oant it wetter ús boppe de hollen slút en it krekt is as hawwe wy noait bestien en ik besleat dat it sa net ôfrinne soe, net mei my.' (*Under Wetter*, s.235). Hy sil net ferjitten wurde en fersûpe yn 'e machteleazens en de wichtigste wize om dêrfoar te soargjen, yn alle gefallen, de wize dy't ús bekend is, is it neilitten fan syn deiboek. Dat testamint út de takomst ropt fansels wol dalik de fraach op oft immen yn 2065 noch wol witte sil wa't Sil is. En wa wit oer rûchwei in heale ieu noch wa't Tiemersma is en wat er skreau? Bestiet it Frysk dan noch wol? En hoe is dat no eins? Hoe moatte wy Tiemersma syn oankondiging sjen dat syn Fryske skriuwerij 'dien wurk' is? Docht er krekt it omkearde as Sil? Jout er it oer, krekt as Miedema? Mar nei Miedema is der Frysk skreaun om it leven en is it net útstoarn, dat wêrom soe dat no wol barre? Miskien is it dien mei it Fryske boek. Lêzers ha der gjin jild foar oer, útjouwers tinke by 'boek' allinnich mar oan papier en ferjitte publikaasjes ek as e-book beskikber te meitsjen. Miskien binne we sa hastich wurden dat it boek te lang is om de kop derby te hâlden. Mar dat wol net sizze dat it Frysk ferdwynt! Salang't der minsken binne by wa't it Frysk in libben part is fan harren identiteit, harren wierheid

oer harren sels, sille se harren yn it Frysk uterje: al is it mar yn ‘minderwaardige’ foarmen as reklameteksten en tweets. Uteinlik is it Frysk middel en net doel. Dêrmei binne werom by Sil dy’t him befrijt fan syn maten. Sil kiest syn eigen paad. Koos kiest syn eigen paad en op dit stuit is dat: gjin Fryske romans mear . Hy is noch wol foarsitter fan It Skriuwersboun, is dwaande mei e-boeken en diskusjearret omraak op Facebook. Yn Frysk én Nederlânsk. De skriuwer liket in berch, mar úteinlik is in kaartehús ek in soarte fan berch. Under dizze reis binne net allinnich de ferhalen as ‘wierheid’ hieltyd ynstoarten, mar ek it byld fan de skriuwer. It soe my neat fernuverje dat úteinlik bliken docht dat sels it *dien wêzen* fan syn Fryske boekskriuwerij úteinlik in Mind Game wie. Of net, krekt omdat er ús tinke litte wol dat er betider as letter wol wer boppe wetter komme sil.

Wy witte no in hiel soad mear oer him en tagelyk witte wy neat. En miskien is dat mar goed ek, want wat foar in taal jildt, jildt grif ek foar in skriuwer: opsluten yn in fêststeand domein, ferdwynt de frijheid